

Funksje- en kompetinsjeprofyl direkteur Afûk

Misje en doelen

De Afûk (Algemeine Fryske Underrjocht Kommisje) is ien fan de organisaasjes yn Fryslân dy't yn opdracht fan de provinsje útfiering jout oan it provinsjaal taalbelied.

De misje fan de Afûk is: ferbine en diele. De Afûk wol har doelen noch better realisearje troch de eigen aktiviteiten mei dy fan oaren te ferbinen en de ekspertize op it mêd fan meartaligens fergrutsje troch kennis en ûnderfiningen te dielen.

Doelen fan de Afûk binne: taalpromoasje, taaloerdracht en kultueroerdracht. Omdat dy net los faninoar steane, wol de Afûk ek de gearhing tusken dy trije neistribje. De Afûk rjochtet har op de folsleine Fryske mienskip, fan lytse pop oant âlderein. De Afûk wol Fryslân ferbine mei de wrâld en de wrâld mei Fryslân.

De middels dy't de Afûk dêrby brûkt binne mei it each op de trije haaddoelen byinoar brocht yn Stipepunt, Underwiis en Utjouwerij/winkel. De Afûk wol taal en meartaligens mear sichtber meitsje, nije gearwurkingsferbannen ta stân bringe tusken mienskippen yn en bûten Fryslân en nije ympulzen jaan oan it (kultuer)toerisme. De Afûk sjocht de partisipaasje yn 'Lân fan taal' as in wichtich middel om de folgjende stap te setten om har fierder te ûntwikkeljen.

Generyk funksjeprofyl

Algemien:

- Stiet oan it haad fan de organisaasje, is ferantwurdlik foar de deistige lieding fan de organisaasje en is foarsitter fan it managementteam.
- Leit ferantwurdlikheid ôf oan it bestjoer fan de stifting Afûk.

Fertsjintwurdiging organisaasje:

- Fertsjintwurdiget de organisaasje nei eksterne partijen.
- Is it gesicht fan de organisaasje en draacht yn de iepenbierheid út en ferdigenet it belied fan de organisaasje, om in bydrage te leverjen oan relevante maatskiplike diskusjes en as netwurker om de posysje fan de organisaasje te ferstevigjen.
- Ken de polityk bestjoerlike ûntwikkelingen mar ek it ferlet en de fraach út de mienskip wei en kin dizze omsette yn de produkten en tsjinsten fan de organisaasje. Leit op dizze wize de ferbining en boarret nije merken oan by oerheid, ûnderwiis, soarch en bedriuwslibben.
- Underhâldt kontakten mei it besteande relaasjenetwurk (polityk, bestjoerlik, amtlik, kollega-ynstellingen en opdrachtimmers), ûntwikkelet de kontakten mei dat netwurk fierder en wreedet it út.

Liederskip en management:

- Kin stjoere sûnder formele (hierargyske) foegen, stjoert op grûn fan fyzje en oertsjûgjen.
- Wurket mei professionals dy't oer in ferskaat oan kennis en feardichheden beskikke en is by steat liiderskip dêrop oan te passen: soms leit de klam op yntellektueel fierder ûntwikkeljen, soms leit de klam op stjoeren fia prosedueres en control.
- Jout foldwaande autonomy oan professionals en hâldt tagelyk professionals belutsen by in kollektive ambysje en it mienskiplike resultaat.
- Stjoert op resultaat, gearhing en ynnovaasje.
- Kin oaren oertsjûgje fan it belang fan bepaalde saken en dêrútwei belutsenens by de oar generearje.
- Ferfollet de ferbinende rol mei besieling.

- Is by steat om somtiden mear de rjochting as de konkrete útkomst te bepalen; om mear it winske effekt oer te bringen as te stjoeren mei struktuer, kengetallen en prosesfiering.
- Kin koördinearje mar ek oanstjoere, wit op it goede momint de goede kar dêrta te meitsjen.
- Wit stridige belangen byinoar te bringen.
- Kin selsstjoering ta stân bringe.
- Hat each foar talint en set yn op ûntwikkeling fan talint.

Bedriuwsfiering:

- Draacht de yntegrale ferantwurdlikheid foar alle bedriuwsfieringsfunksjes, lykas finânsjes, HRM, ICT en kommunikaasje en leit dêroer ferantwurdig ôf oan it bestjoer fan de stifting Afûk.
- Stelt it strategysk beliedsplan op (ien kear yn 'e fjouwer jier).
- Stelt de begrutting en jierrekken op (jierliks).

Nivo:

Akademysk tink- en wurknivo.

Salarierring:

CAO Welzijn & Maatschappelijke Dienstverlening fan ôf 01-06-2016 / funksjeskaal 14, op syn heechst € 6.499,- by in oanstelling fan 36 oeren yn 'e wike.

Kompetinsjeprofiyl

Undernimmingssin (persoanlike kompetinsje)

Definysje algemien: is by steat om yn it wurk goed trochtachte risiko's te nimmen, wêrtroch nije paden ynslein en nije wurkterreinen ûntwikkele wurde kinne.

Konkreet:

- Untwikkelet nije wurkterreinen.
- Wykt sanedich ôf fan bewende paden om nije doelen te berikken.
- Set ûntwikkelingen yn 'e omjouwing om nei mooglikheden foar de organisaasje.
- Is by steat om op in heech nivo mei oare partijen strategyske alliânsjes ôf te sluten.

Ferantwurdlikheid (persoanlike kompetinsje)

Definysje algemien: komt ôfspraken nei en is by steat om de gefolgen te akseptearjen dy't út eigen hanneljen fuortkomme.

Konkreet:

- Doart ferantwurdlikheden te delegearjen.
- Fielt him of har ferantwurdlik foar it hanneljen fan de organisaasje.
- Lit foarbyldgedrach sjen yn de termen fan ferantwurdlikheid.
- Makket in soarchfâldige ôfweging dêr wêr't ferskillen yn de profesjonele ferantwurdlikheden ûnderling net oerienstimme.
- Hantearret de profesjonele ferantwurdlikheid pro-aktyf.
- Nimt aktyf ferantwurdlikheid foar it groepsproses.

Ynterpersoanlike feardichheden (persoanlike kompetinsje)

Definysje algemien: is by steat om korrekt en tagonklik te reagearjen op de reaksjes fan oaren op it eigen gedrach, belied of funksje-útoefening. Wit adekwaat te reagearjen op swierrichheden, sûnder dêrtroch yn 'e knipe te kommen of der emosjoneel ûnder te wurden. Is by steat om oplossingen te finen by in tsjinstelling fan belangen.

Konkreet:

- Bliuwt de belangen fan de organisaasje yn it each hâlden as der druk útoefene wurdt.

- Skôget foarfallen yn it ljocht fan de organisaasje en reagearret dêrop sûnder dat de persoanlike aspekten de oerhân krije.
- Siket yn in konfliktsituaasje aktyf nei oplossingen.
- Stimulearret in organisaasjekultuer wêryn't konflikten yn in ier stadium sinjlearre wurde.

Fyzje (konsepsjonele kompetinsje)

Definysje algemien: nimt ôfstân fan de deistige praktyk en set dizze yn in breder ferbân. Is by steat him of har op de lange termyn te rjochtsjen. Kin ynformaasje omsette nei ideeën foar de takomst.

Konkreet:

- Hat dúdlike ideeën oer de te befarren koers dy't út de organisaasjedoelen fuortkomt.
- Hat in eigen autonome fyzje dy't hy of sy effektyf ynset foar it beheljen fan de langetermyndoelstellingen fan de organisaasje.
- Stelt langeretermyndoelen en in plan fan oanpak.
- Fertaalt eksterne ûntwikkelingen nei belied.
- Nimt ôfstân fan de deistige praktyk. Konsintrearret him of har op de haadlinen en op it langetermynbelied.
- Stiet boppe de problematyk fan hjoed; werkt patroanen en foarfallen.

Liederskip (relasjonele kompetinsje)

Definysje algemien: is by steat stjoering te jaan oan in yndividuele meiwurker en/of groep yn it ramt fan it ferfoljen fan taken en fierdere ûntwikkeling.

Konkreet:

- Stiet noed foar de mooglikheden foar de ûntwikkeling fan meiwurkers.
- Skept kânsen en útdagingen foar de meiwurkers.
- Hat sicht op nuttige ûntwikkelingsmooglikheden foar de meiwurkers op de lange termyn.
- Hat, njonken in op de taak rjochte hâlding, ek each foar de talinten fan meiwurkers.
- Sprekt oaren oan as harren ûntwikkeling stagnearret.

Netwurkje (relasjonele kompetinsje)

Definysje algemien: is by steat om in netwurk fan (yn)formele kontakten op te bouwen dat foar de organisaasje funksjoneel is of wurde kin.

Konkreet:

- Skept nije kânsen foar de organisaasje.
- Leit en ûnderhâldt effektyf ferskate (sub)netwurken mei ynfloedrike persoanen.
- Oefenet sels ynfloed út.
- Giet kânsrike gearwurkingsferbannen oan en yntrodusearret oaren by inoar.
- Beweecht him of har tusken organisaasjes.
- Smyt by kontakten en petearen baltsjes op om eigen produkt en/of organisaasje foar it fuotljocht te bringen.

Omjouwingsbewustwêzen (relasjonele kompetinsje)

Definysje algemien: is op 'e hichte fan de maatskiplike en politike ûntwikkelingen of oare faktoaren dy't yn 'e omjouwing spylje. Spilet op dizze ûntwikkelingen yn.

Konkreet:

- Spilet pro-aktyf yn op de ûntwikkelingen yn de omjouwing dy't fan ynfloed wêze kinne op de organisaasje.
- Fiert in konstruktive diskusje mei belangepartijen en stakeholders.
- Spilet fluch yn op winsken út de polityk wei.
- Komt mei inisjativen dy't blyk jouwe fan ynspyljen op maatskiplike ûntwikkelingen.
- Fertaalt maatskiplike ûntwikkelingen nei konsekwinssjes en realistyske foarstellen foar it eigen oandachtsgebiet.

Rjochte op resultaat (operasjonele kompetinsje)

Definysje algemien: is by steat resultaat- en doelrjochte te wurkjen, wêrby't mooglike ynteressante sydpaden ek meinommen wurde.

Konkreet:

- Fertaalt de fyzje/strategy yn taktyske doelen en resultaten.
- Stelt mjitbere (strategyske) doelen, jout grutte linen oan en hâldt de ynfolling troch oaren dêrfan yn 'e gaten en stjoert dy oan.
- Hâldt yn komplekse situaasjes strategyske doelen foar eagen.
- Hantearret de stelde noarm fan transparânsje en iepenheid, sadat ferantwurdig oer it folsleine resultaat ôflein wurde kin.

Ljouwert, septimber 2017